

16-2-92

'T SKIEPPE- STURTSJE



doarpskrante fan tsjerkwert e.o.

REDAKSJE : Ineke Feenstra-Sijbesma tel. 9277
Sytske Dijkstra-Bouwhuis tel. 2968
Richtje Speerstra-Bakker tel. 2635
Phün van den Berg-Blokker tel. 4056
Gerben Wijnja tel. 9348

Typewurk : Gjettje Dijkstra-van der Veen
Stencilwurk: Redaksje

Omslach: Albert van Lingen jr. , Wergea

Redaksje-adres: Ineke Feenstra, Singel 2,
8765 LL Tsjerkwert.

Bankrelaasje: Rabobank Bolsward; gironr. 85.68.29
t.n.v. Rabobank Bolsward rekno.
3087.56.800 t.g.v. It Skieppesturt-
sje, Tsjerkwert.

FOARWURD:

Achte lêzers,

Der is al wer in protte bard yn ús doarpke nei't
de lêste Skieppesturt útkommen is.

Wat ha we moaie jûnen hân mei it ôfskie fan de
famylje Dam, it koar- en korpsjubileum.

It kostet in protte tiid foar as it sa fier is, mar
as it dan sa goed slagget, dan bin je der ek wer
grutsk op dat je mei dien ha om it slagje te litten.



En dan wolle we Jelle Brandsma noch fan herte lokwinskje mei it finen fan it earste ljipaai fan Tsjerkwert. Jelle hat al dy âldere en betûfte aaisikers in pyk setten. Fierderop yn'e krante kin jim der mear oer lêze.

We ha tink allegearre ús de eagen útwriuwe moatten: moars seagen jo noch neat en jûns stie der in hûs mei de dakpannen der al op.

Der moat dan noch wol it ien en oar oan dien wurde, mar it hûs stiet!

Wat ik by dizze beide hûzen al mist ha, is in maaie-beam, mar miskien is dat by dizze moderne bou wol út'e moade.

Jûns is it ek tige drok yn it nije bestimmingsplan de oanstearde bewenners mei famylje en freonen binne wakker drok oan'e gong en se ha profyt fan de simmertiid.

Wat ha we al wer in pear dagen genietsje kinnen fan it moaie waar, alles begjint wer út te spruten en ik sjoch de protters ôf en oan fleanen mei de bekjes fol rûchte om harren nêst te bouwen; it is in aardichheid om dat skreppen oan te sjen.

Us nije direkteur fan'e skoalle is ek drok oan't skreppen om syn nestke foar de húshalding klear te krijen. De nije ûnderwizer master Steen moast yn Boalsert ûnderdak sykje, want yn Tsjerkwert wie neat foar hannen. We winskje harren in goede tiid ta yn Tsjerkwert.

We wolle de eineksamenkandidaten in protte sterkte ta-winskje en we hope wer op in soad flaggen mei tassen der oan.

Snap je soks no: "Yn 'e maaitiid is alles drok oan 't wurk en it staken is oan 'e oarder fan 'edei; earst koene de treinen net út it stee komme en no't ik dit stikje skriuw binne de suvelminsk breinroer, hoe moat it no mei dy skoandere molke dêr't Warkum.oars sa'n bêste priis foar joech?

Foar it folgende krantsje de kopy grâach foar 1 july.

Ineke.

BERICHTEN VAN

De Dorpsomroeper uit Tjerkwerd



21 februari no 1. van de 16e jaargang van onze dorpskrant verschijnt.

En dan is het 29 februari de schrikkelde dag de dag dat vroeger de meisjes de jongens te vragen, terwijl dat de rest van het jaar andersom gebruikelijk was.

Tegenwoordig is dat vraag en antwoordspel niet meer zo gebruikelijk, maar de nodige avances moeten in ieder geval van één kant komen natuurlijk.

En.... ook de mensen die hun verjaardag weer eens konden vieren op deze 29ste alsnog van harte gefeliciteerd.

Het kerkkoor dat 35 jaar bestond hield een jubileumconcert in de kerk.

Tevens op de schrikkelde dag '92 klonk door de straten van ons dorp de naam van Siemke Huitema vanwege haar geboorte.

En de 4e maart was dat Helena Sara Zijsling die haar naam door Tjerkwerd en Baburen en Pietjepôlle te horen was. (Het huis is rijk dat blij kroost mag roemen.)

6 maart maakte ik een rondgang door Surhuizum vanwege de kennismakingsreceptie van Anne en Thea Dam, nu directeur aan de school aldaar.

De 7de maart ging voor de 10de keer de Elf-steden-surftocht langs ons dorp. Dit jaarlijkse evenement brengt hier bij de brug nogal verpozing en vertier met zich mee.

16de maart. De eerste wedstrijd van dorps- en stadsomroepers was vanaf deze datum in Drachten. Een dag later was Jelle Brandsma zijn rivalen te slim af en raapte het eerste kievitsei van ons dorp.

17 maart 1947 kwam een einde aan de lange strenge winter van dat jaar met een fikse zuidwesterstorm.



Op de 21ste maart werd mevr.

R. Huitema-de Boer, eertijds wonende op de Sathe Westerhuis a.d. Jousterpeweg no 2 (1926-1958) en nu al weer jaren wonende aan de Gasthuissingel no 38 te Bolsward 98 jaar!

Een week later jubileert onze plaatselijke fanfare Eensgezindheid 1922-1992.

Waar op deze avond gehuldigd werden Thea Gietema-van der Meer wegens 45 jaar lidmaatschap en Hein Gietema wegens 25 jaar lidmaatschap.

Maar op de 28ste april 10 jaar geleden werd Fokke Gietema al in de adelstand verheven evenals Pier Zijsling (de tegenw. molenaar a.d. Baburen). Deze decoratie kreeg eertijds dan ook extra glans waar pet en hoed voor af gaan omdat zij voor beiden dubbel en dwars verdiend was!

In de vroeg morgen van de 29ste maart werden de klokken één uur vooruit gezet.

Zomertijd: Het mooie van zomertijd is: het langere licht 's avonds en dan zijn er mensen op de straat die vaak nog even van het mooie weer willen genieten, een ommetje maken of net als de meesten van ons nog eens om een praatje verlegen zitten.

Geef mij daarom de zomertijd maar. Je leert je burens en de mensen in je straat weer kennen en..... je hoort nog eens wat. En waar ik aan toevoeg..... mensen die niets te zeggen hebben zijn nooit om een praatje verlegen!

Een ieder kon de afgelopen maanden in dagbladen lezen over de zorgwekkende economische toestand in ons eigen land met vele werkelozen, bejaarden- arbeidsongeschikten. Voor al deze genoemde lieden is niet genoeg geld beschikbaar en daarom Makkers in Den Haag staakt uw wild geraas!!

Gysbert Japicx zei het eertijds al " wij leven nu eenmaal in een bezeten wereld en wij weten het!"

Helaas! Helaas ! hoe vlieden onze dagen,
Hoe spoedt zich ieder uur met onze luister heen!
Hoe flauwe vreugd, hoe bitter plagen,
Hoe min vermaak, hoe veel geweent!

Eén lente per jaar en..... in het leven slechts één jeugd.

En niets maakt sneller oud dan de voortdurende gedachte dat men oud wordt! Een gezond mens heeft duizend wensen. Een ziek mens maar één.

Verder nam ik deel op 7 april aan de historische tocht naar Den Haag voor het behoud van de zuivelschool te Bolsward.

19 april. Paasmorgen evenals bijna 2000 jaar geleden en waar de dood is overwonnen. Sindsdien zijn de jubelkreten niet meer verstomd. De laatste vijand is overwonnen. Als er ooit wat te vieren was, was het wel deze dag. Een dag die talloze mensen in hun leven, lijden en sterven tot troost is geweest.

Als je blij je kruis draagt, draagt het jou!

Wederom van huis tot huis de hartelijke groeten

van de Dorpsomroeper.



Folkshegeskoalle Schylgeralân

Badwei 71, 8896 JB Hoarne (Skylge), Hoorn (Terschelling), Tlf. 05620-8954

Ien fan de aktiviteiten fan de Fryske Folkshegeskoalle Schylgeralân is it opsetten fan simmerkampen foar jongerein fan 10 oant 16 jier.

Opjaan foar de bernekampen op Skylge kin by:
T. Hokwerda, Koaikamp 5, 9254 EK Hurdegaryp.
Tillefoanyske ynformaasje op 05110-3039 (jûns nei 19.00).

	Wa?	Wannear?	Hoefolle?
1ste kamp	10-11 jier	27.7 - 1.8	f 220,-
2e kamp	12-13 jier	3.8 - 10.8	f 285,-
3e kamp	14-15 jier	10.8 - 17.8	f 320,-

GELUIDEN VAN HET KERKKOOR.

Nu ik dit opschrijf, hebben we Palmzondag alweer achter de rug. Het koor verleende haar medewerking tijdens de Palmpaasdienst in Dedgum in een goedgevulde kerk; met Ds. Dekker op de kansel beleefden we een goede dienst.

Donderdag 16 april vierden Haije Kooyenga en z'n vrouw Hinke hun 45 jarig huwelijksfeest. Het koor was hierbij uitgenodigd. Op verzoek van het bruidspaar zongen we Ps. 150 Looft God looft Hem overal..... en gez. 186 Wat God doet dat is welgedaan. Niet alleen het bruidspaar maar ook de vele gasten mogen terugzien op een gezellige avond, wat het was een prachtig feest. Hulde en dank hiervoor.

Nog een stapje terug belanden we bij het 35 jarig jubileum van het koor. Om dit te herdenken gaf het koor een concert. Om het jubileumconcert goed te doen slagen hebben we het de eerste maanden van het nieuwe jaar druk gehad, zowel met het oefenen als met het organiseren. Het concert duurde + een uur, maar er viel heel wat te regelen. Dat we zo mooi op een verhoging stonden, en onder een goede schijnwerper helemaal tot z'n recht kwamen, hadden we te danken aan koster de Jong en zoon Wiebren. Een hele vrijdagavond lang zijn ze voor het koor in de weer geweest. Hartelijk dank hiervoor. Aan de reactie's van de bezoekers te horen mag het koor best een beetje trots zijn op deze geslaagde jubileum uitvoering. Waar we blij meer waren was de steun van vier dames uit de zanggroep van Exmorra.



Onder leiding van Jannie Veenstra-de Groot, en met begeleiding van Frans van der Hauw orgel, kwamen de psalmen, gezangen en "De Deutsche Messe" van Frans Schubert goed uit de verf.

Het koor mag terugzien op een mooi 35 jarig jubileum-koncert. Na afloop hebben we onder het genot van een bakje koffie nog even nagepraat.

Graag wil ik namens het koor allen bedanken die ons steunden met hun bijdrage in de kollekteschaal voor de gemaakte onkosten en diegenen van wie het koor een persoonlijke gift kreeg. Kollekte en giften brachten samen f 732,-- op. Ook kregen we felicitatiekaarten. Alle gevers en kaartenstuurders hartelijk dank.

secre. Joop Nota.

STICHTING IT WALTAHUS.

Hier nog even een berichtje van de Stichting.

U heeft waarschijnlijk al gehoord van de verandering in het bestuur. Zo niet dan moet u nog even weten dat Jan Dijkstra na vele jaren opgevolgd wordt door Gerben Dijkstra.

Ook heeft de Stichting nog een kabaretavond georganiseerd op 8 februari met gezelschap Sipke Oppedijk.

Helaas was er heel weinig opkomst.

Daarom hopen wij de volgende keer op meer belangstelling. Dit om het voortbestaan van de Stichting en het in stand houden van het Waltahûs te garanderen.

Het Bestuur.


MUZYKKORPS EENSGEZINDHEID 70 JIER



Op sneon 28 maart hâlde de muzykferiening Eensgezindheid har jubileumkonsert yn de St. Petrustersjerke fan Tsjerkwert.

Nei it meielkoar sjongen fan Groot is uw trouw yn in arransjemint fan Herman Oldenstijl, iepene de foarsitter mefrou Siety Wiersma de jûn troch de likernôch 150 belangstellenen fan herte wolkom te hjitten. Dit yn it bysûnder foar twa eareleden, de hearen Marten van der Wal en Roelof de Jong sr.. As gastblazers waarden Roelof Terluin op bugel en Douwe Evert Dijkstra op eufonium fêrwolkomme. Under de entûsjaste lieding fan Roelof Bakker (in pakesizzer fan it âldste earelid) waard in wurklist ôfwurke dy't eins allinne mar út hichtepunten bestie. It korps dat út 22, meast jonge leden bestiet, hat in repertoire opboud dat modern, swingend neamd wurde kin en dus alhiel op de jongere generaasje ôfstimd is. De kar fan de stikken joech in protte romte oan de leden fan it korps om te solearjen. Sa hearden wy Bertus Rinse Bakker en Niek Galama as solisten yn Patsy fan Dizzi Stratford yn in arransjemint fan Jan de Haan. De dames Siety Wiersma, Tea Gietema en Jikke Sterkenburgh wiene solist yn Saxophone jubilee fan Hans Evers. Fierder kamen alle seksjes oan bar yn Leningrad, in bewurking fan in liet fan de popstjer Billy Joel. In modern bysûnder moai útfierd wurk.

It hichtepunt fan de jûn wie lykwols it optreden fan Andries Kramer op trompet. Dizze musikus, û.o. bekend as dirigint fan de útfieringen fan 'In do befljocht de nacht' op in kerst-in yn Warkum en Stiensgea, ekselearre yn it Treble Concerto fan Ted Huggens. Benammen it flugge part fan dit stik waard tige feardich spile.



Yn Introduction and modern beat kaam de solist dynamysk oer mei in treflike ûndersteuning fan it korps.

Foar dit konsert hie it korps in echte ladyspeaker oantúgd yn de persoan fan Foekje Bakker. Se prate de nûmers mei neisgjirrige achtergrûnynformaasje oan elkoar.

Op dizze jûn fansels ek plak foar oare jubilarissen. Frou Tea Gietema- van der Meer hie 45 jier lid west en waard eare mei in medalje. De hear Hein Gietema, wie 25 jier lid en krige lyk as wênst in ierdewurken panne, makke troch de pleatselike keunstner frou Phun van den Berg. En fansels blommen foar de oare helten fan de jubilarissen. Ek in blomstik foar in wurker efter de skermen. Al sûnt jierren spylje leden fan it korps, krystlieten op Krystmoarn yn it doarp en deútbuorrens. Neide faak kâlde put stiet foar harren in kofjetafel klear by frou Bakker-van Rijs. It doarp kin dy muzyk op Krystmoarn net misse en de spylfersers de kofje enit brochje net. Moai trochgean dus!

De korpsleden hiene foar dit feest in nij sjaaltsje en flinterstrikje oantúgd. Te beskieden! Se hiene harsels wol mei in blomke opsiere mochten. Blommen foar sa'n entûsjast korps dat wat oandoart en in ferrassend fris en nij lûd hearre liet, hiene op syn plak west. It tal leden mei dan oan'e lege kant wêze; op de muzykskoalle geane in tsiental bern dat grif nije leden opsmite sil: Takomst foar Eensgezindheid.

It feest waard fuortset yn it Waltahûs mei de opfiering fan de kluchtige ienakter By de frou útfanhûs fan Hans Nesma en oerset troch Tabe Beintema.

Us eigen toanielploech stie hjir goed foar.

It ferslach hjirfan is ek yn dizze Skieppesturt te finen. De jûn waard besletten mei dûnsjen ûnder lieding fan de Waltahouse band en al wer eigen minsken te witten Roelof Bakker trombone en sjongen, Rein Galama gitaar, Edwin de Boer basgitaar en Reinold Poelstra slagwurk.

In goed beslút fan in oer alle boegen slagge jubileumfeest.

Anny de Jong.

Ieder jaar rond Pasen wordt er gecollecteerd voor het N.F.A.D. (Nationaal Fonds voor Alcohol- en Drugspreventie).

Het geld wordt o.a. gebruikt om de bekende bioscoop- en T.V. spotjes te maken.

Bovendien wordt het geld gebruikt om in jongerencentra, club- en buurthuizen en in de hoogste klas van de basisschool voorlichting te geven.

Kinderen die nog niet roken en drinken zijn al kritischer en staan meer open voor voorlichting dan pubers in het voortgezet onderwijs, die mogelijk al wel roken en drinken.

Dat de voorlichting van de afgelopen jaren zinvol is geweest blijkt uit het feit dat zeer veel jonge mensen niet achter het stuur kruipen nadat ze alcohol gebruikt hebben.

Van de leus "glaasje op, laat je rijden" schijnen echter mensen van boven de 30 jaar zich helaas nog niet zoveel aan te trekken. In dit geval zouden de ouders nog iets van de jongeren kunnen leren!!

Maar ondanks de voorlichting is er nog veel onbekend over alcohol en drugs.

Fabel I.

"Neem een biertje, da's goed tegen de dorst."

Alcoholische dranken, lessen de dorst niet. Van alcoholische dranken krijgen we alleen maar meer dorst. Dat komt omdat alcohol vocht aan het lichaam onttrekt, dus ook bier is niet zo'n goede dorstlessen als wel beweerd wordt.

Fabel II.

Appelsap? Doe niet zo ongezellig neem een.....

Wat is eigenlijk gezellig?

Onbedoeld geven we met zo'n opmerking aan dat we de alcoholvrije keus van onze gast niet accepteren en respecteren. En waar gaat het eigenlijk om; om het samen zijn of om de alcohol.

**Gezellig
uit?**

Er zijn mensen die zo nu en dan tijdens bv. een feestje een glaasje nemen omdat zij dat lekker vinden en niet omdat een ander vindt dat er gedronken moet worden.

En zolang het niet iedere dag feest is zal zo af en toe een glaasje geen probleem opleveren.

Fabel III.

Neem er nog een dan kun je de spanning en de problemen beter aan.

In plaats van er zelf iets aan te doen grijpen sommigen te snel naar middelen die de moeilijkheden lijken weg te nemen. Maar helaas alcohol, drugs en medicijnen zijn meestal een schijnoplossing. Zelf de problemen oplossen, of er over praten met een goede buur, vriend(in) of familielid levert vaak meer op. Door te veel alcohol komen er alleen maar meer moeilijkheden bij.

Ieder jaar worden er 10.000 mensen in het ziekenhuis opgenomen wegens ziekten die het gevolg zijn van te veel alcohol.

Ieder jaar sterven er 1800 mensen aan een alcohol ziekte.

Voorlichting over de invloed van bv. alcohol op onze conditie, de leer- werk- en sportieve prestaties blijft nog steeds nodig.


Alcohol en drugs mogen geen levens kapot maken.

Voorkomen is beter en goedkoper dan genezen.

Hopelijk wilt u ook dit jaar met een kleine bijdrage hieraan mee helpen.

Marja verzijlberg.

Ouderavond Peuterspeelzaal It Pjuttehonk.



Op woensdagavond 8 april hebben we onze jaarlijkse ouderavond gehouden. Deze keer waren we te gast bij Titia Hylkema op Beabuorren te Tjerkwerd.

Om goed 8 uur opende Laila de vergadering, ze heette de 13 aanwezigen van harte welkom en hoopte op een gezellige avond.

De notulen en het jaarverslag werden voorgelezen en Lutske gaf het financieel verslag.

Door de Nijntje Aktie, die we vorig jaar hielden met ons 10 jarig bestaan, staan we er nu financieel goed voor.

Momenteel komen er 13 peuters, Juf Richtje Speerstra is onze leidster en met hulp van de ouders draait het goed. Sinds kort mogen we ook Ineke Dijkstra welkom heten als vrijwilligster, 1x in de 14 dagen, op dinsdag draait zij een morgen mee.

Lutske Schakel en Fimmie Kuipers zijn uit het bestuur gegaan. Hiervoor komen Gjetje Dijkstra (penningmeester) en Tea Huitema (secretaresse) in de plaats.

Na de rondvraag sloot Laila de vergadering. Rieky schonk nog een kop koffie in en Richtsje en Titia leidden de avond verder.

Titia vertelde waar haar kinderen mee spelen en waar. Ze liet verschillende spelletjes zien voor kinderen van 2 tot 4 jaar, voorleesboekjes, prentenboekjes, boekjes met gedichten en liedjes.


Een goed idee is dat je best eens speelgoed kunt ruilen met vrienden of familie, om bepaalde dingen eerst eens uit te proberen voor je het koopt. hierna kregen we een "rondleiding langs alle geliefde speelplekjes."

Na de rondleiding kreeg elke ouder de gelegenheid wat over het speeltje te vertellen waaraan zijn/haar kind verknocht is.

Er waren plastic buizen, takelauto's en poppen meegebracht.

Het was beregezellig bij Titia. Zij werd bedankt voor haar gastvrijheid en kreeg een mooie plant aangeboden. Laila bedankte iedereen voor zijn komst en wenste iedereen wel thuis.

Fimmie.



=====

Beste Dorpsgenoten,

In dit berichtje uit "Artisjok" in de eerste plaats een bedankje voor de grote belangstelling voor de open dag in het begin van dit jaar.

Wij vonden het bijzonder geslaagd om te laten zien wat we allemaal hebben uitgespookt op Kerkstraat 19-a en te demonstreren hoe Raku stoken in zijn werk gaat. Dat wij ondertussen niet stil hebben gezeten mag blijken uit de verandering, die onze tuin heeft ondergaan. De bedoeling is om ook aan de tuin een keramisch tintje te geven en daarmee deze open te stellen voor wie er maar naar kijken wil. In de eerste tijd zal de verhouding keramiek en beplanting wellicht nog niet helemaal perfect zijn, maar dat zal een kwestie van tijd zijn.

'Ei(g)enaardig '92

Een meer recente gebeurtenis was de al bijna traditie van de eiertentoonstelling. Dit jaar werd aan deze expositie inhoud gegeven door 35 exposanten en liep het aantal bezoekers naar de 1000. Het bijzondere aan de expositie was o.i. de enorme variatie, om de grenzen aan te geven: Enerzijds leerlingen van de basisschool van Nijland (op hun verzoek) anderzijds een vijftal exposanten, die in het buitenland hun sporen meer dan verdiend hadden. Al met al zeer inspirerend.

Wanneer op 2 mei a.s. ons expositieseizoen van keramiek weer begint, doen we dat met een expositie "op z'n Fries".

Een vijftal keramisten is voor een eerste kennismaking in de galerie, terwijl het werk op de "Fryslân Boppe Seal" grotendeels vernieuwd zal zijn. En voor de rest..... er zijn nog enkele plannen, ideeën, en er wordt nog aan gewerkt, weet u welkom!

Koos, Ada Stel.

BILJERTEN 1991-1992

De einstân fan 'e kompetysje fan'e biljertklub HTS is:

1e en kampioen	Sj. Gaastra	27 pnt.
2e priis	W. Meinsma	25 pnt.
2e ,,	W. Poelstra	25 pnt.
3e ,,	G. Visser	24 pnt.
3e ,,	S. Hiemstra	24 pnt.

It sportive biljertjier waard ôfsluten mei potbiljerten en dat krige in ekstra feestlik karakter troch it kâld-buffet dat de behearder fan it Waltahûs de leden van de kaart- en biljertklub oanbea.

Dat wie tige ynoarder! Tige tank.

Op 1 septimber sil HTS wer op it griene lekken los en ôfpraat is dat der in dûbele kompetysje spile wurde sil.

Wonseradielkampioen

schappen 1992

Het Wonseradieltoernooi werd dit jaar verspeeld van 25 febr. t/m 7 mrt. op 8 biljarts.

Er werd door 133 biljarters/sters in 6 klassen gestreden. In de eerste week gingen de nummers 1 en 2 uit de poules over naar de winnaarsronde en 3 en 4 naar de verliezersronde.

Van de 2e ronde gingen alleen de poulewinnaars over naar de finale.

Er werd vaak heel spannend gebiljart, want er waren weinig poules waarin de winnaar alle partijen won. Meestal waren er meerdere spelers in een poule met hetzelfde aantal wedstrijd punten. In veel gevallen moest het gemiddelde de doorslag geven.

Ook uit Tjerkwerd deden 4 biljarters mee te weten: Jan Blanksma, Jan Dijkstra, Gerben Dijkstra en Hille Schakel.

Hille Schakel verloor op gemiddelde de tweede ronde en kwam dus niet in aanmerking voor de finale van de winnaarsronde 4e klas.

Gerben Dijkstra belandde in de verliezersronde en werd daar 2e in de 3e klas.

De beide Jannen deden het beter, zij kwamen in de winnaarsronden.

Jan Blanksma haalde in de 3e klas een 2e prijs.

En tenslotte Jan Dijkstra, hij kwam thuis met een 1e prijs in de 4e klas en werd dus kampioen.

Het was voor de Tjerkwerter heren een geslaagd biljartkampioenschap.

strijd en kriich

PRAKKESAASJES FAN EFTER IT KRUIRED.

Allerearst de Skieppesturtlêzers Jelle Huitema en Lolle Hylkema betanke foar de seepeallen wêr't se my oan holpen hawwe.

It hat de eksposysje yn it polderhúske wer in stik dúdliker makke.

Mei hokker grutte ynspanning dit soarte peallen yndertiid oanbrocht binne is hast net mear foar te stellen. Wat sille der in soad minsken by dat wurk oan seepeallen, oan binne- en bûtediken minder âld wurden wêze as de bedoeling wie, sûnder W.A.O..

Hoe grut soe it oantal minsken en bisten wêze dat yn al dy ieuwen ferdronken is by dyktrochbraken. Dit offer is grif wol tweintichtûzen kear sa grut as it "offer" fan de tweintichtûzen bôlen, wêr't de keunstners de see mei betankje wolle.

As se it gat yn de ozon mei de bôle ticht meitsje koene, hie der noch wat foar te sizzen west.

Mar nee, der is genôch oar plak op 'e wrâld wêr't dit iten better fan pas komt.

It offer oan 'e see is al ieuwen lang brocht, dat hoecht no net mear.

NATIONALE MOLEN DAG



9 MEI 92

WELKOM WAAR DE WIMPEL WAPPERT

Vereniging De Nederlandsche Molens 020-6238783

Op 9 maaie o.s. is it wer nasjonale mole- en fyts-
dei, by hopelik in moaie molewyn is dit wer in moaie
dei om de ferbettere ekposysje yn it polderhúske
te besjen.

Hjirby dan útnoege fan efter it kruiêd.

Pier Z.

KEATSE

De keatsferiening organisearret ek yn 1992 wer de
tradysjonele kompetysje.

It is de bedoeling om alle tiisdei-te-jûnen om
likernôch 7 oere te starten.

As it heal kin binne der de folgjende klassen:

1. Senioaren (mânlju en froulju)

2. junioaren.

3. Bern fan 'e basisskoalle fanôf 10 jier.

De kosten binne foar senioaren f 15,--

junioaren en bern betelje f 10,-- (2e út ien gesin
f 7,50, tredde f 5,--)

Fan senioaren wurdt ferwachte dat se de linen mei
lizze en wer oprêde.

De earste kompetysjeronde wurdt hâlden op 12 maaie.

We hoopje dat we een kear as 15 keatse kinne.

De kommisje.

DE BIBLIOBUS

De bibliobus komt in bijna ieder dorp in Friesland waar geen openbare bibliotheek gevestigd is.

U kunt er, meestal wekelijks, op een vast tijdstip terecht voor * leesboeken, zoals romans, detectives en science-fictionverhalen * hobby en studieboeken * populaire tijdschriften * boeken die gedrukt zijn in grote letters * prentenboeken, peuter- en kleuterboeken * lees- en informatieboeken voor de jeugd.

Ruim aanbod. In de bibliobus kunt u kiezen uit enkele duizenden titels. Deze titels worden regelmatig aangevuld, waardoor u niet snel uitgelezen bent. Bovendien is er voor u de gratis aanvraagservice. Hiermee kunt u boeken die niet in de bus aanwezig zijn, maar ook bladmuziek en informatieve video-programma's, lenen uit de collecties van bibliotheken in Friesland en zelf daarbuiten.

Abonnement. U kunt van de bibliobus gebruik maken door een abonnement te nemen. Dit kan in de bibliobus verzorgd worden, waarna u direct kunt lenen. De kosten van dit abonnement en de eventuele kortingsmogelijkheden verschillen per gemeente. Kinderen lezen gratis.

Route bibliobus en de tijden:

Hieslum	Parkeerterrein	donderdag	12.05-12.20
Dedgum	Kerk	donderdag	12.25-12.40
Parrega	Wijk Horstweg	donderdag	12.45-13.50
Tjerkwerd	School	donderdag	14.00-14.35



UITSLAGEN DORPENCOMPETITIE 1991-1992.

Gaast-Tjerkwerd.

H. de Boer	58	- G. Dijkstra	65	2-0
M. de Boer	35	- W. Meinsma	33	2-0
B.v. Kalsbeek	17	- Sj. Breeuwsma	16	0-2
J. Oenema	32	- H. Schakel	38	2-0
J. de Jong	20	- S. Gaastra	23	2-0
S. Hoekstra	21	- S. Hiemstra	20	2-0
H. Hoekstra	25	- G. Visser	21	0-2
G. de Boer	33	- J. Dijkstra	50	2-0
				12-4

Parrega-Tjerkwerd.

S. Rijpma	36	- W. Meinsma	33	0-2
D. Feenstra	16	- S. Breeuwsma	16	0-2
M. Zijlstra	39	- H. Huitema	40	0-2
E. de Jong	27	- S. Gaastra	23	0-2
R. Harders	28	- G. Visser	21	2-0
H. Klein	24	- H. Schakel	31	2-0
R. de Jong	20	- G. Dijkstra	65	0-2
J. Wijnja	24	- J. Dijkstra	50	2-0
				6-10


Tjerkwerd-Ferwoude.

G. Dijkstra	65	- J. Hilt	36	2-0
H. de Haan	15	- P. Hilt	21	2-0
R. Posthumus	15	- J. Hilt	36	2-0
G. Wijnja	23	- H. Haanstra	18	0-2
Sj. Gaastra	23	- O. v. Kalsbeek	40	0-2
D. Poelstra	27	- T. de Groot	19	0-2
G. Hofstra	27	- F. de Groot	23	0-2
G. Visser	21	- Sj. Bouma	17	2-0
				8-8

Tjerkwerd-Exmorra

D. Poelstra	27	-	J. Schilstra	28	0-2
J. Wiersma	16	-	J. Vrolijk	30	2-0
Sj. Gaastra	23	-	Y. Ypma	25	2-0
G. Wijnja	22	-	A. Tolsma	31	0-2
G. Hofstra	27	-	E. Brunia	24	0-2
G. Dijkstra	65	-	S. Heinsma	48	2-0
H. Schakel	38	-	Y. Reinsma	34	2-0
H. Huitema	40	-	W. Brander	41	0-2
					<u>8-8</u>

Eindstand 1991-1992 :	1e Exmorra	13 pnt.
	2e Parrega	9 pnt.
	3e Tjerkwerd	8 pnt.
	4e Gaast	5 pnt.
	5e Ferwoude	5 pnt.



De Nederlandse Hartstichting

Opbrengst van de Hart-stichting f. 533,70
namens de kolkantanten

Anneke de Jong
Geertje Poelstra

hartelijk dank.

Us lytse Renske is no al wer 6 moanne en se
groeit as koal.
Elkenien dy't har berte troch kaarten, taarten,
blommen en kadootsjes tot in noch grutter feest
makke hat hertlik betanke.



Lolle, Titia,
Marten, Anneke, Feikje en Renske.

Bydragen binne kommen fan:

O. Huitema, fan Panhuyswei; S. Gietema, Himdyk;
W. Poelstra, Dedzjum; frou J. de Jong, Drachten;
H. Gietema, Rytseterp; frou P. Poelstra-de Jong,
Dedzjum; B. Huitema, Jousterperwei; A. van Lingen,
Singel; J. Tolsma, Wolvegea; B. Burghgraef, Boalsert;
W. Bootsma, Seisbierrum; R. Hartog, Singel; A. Dam,
Stiensgea; J. Zysling, Beabuorren.

Betanke!

VERLOREN!!!!

GOUDKLEURIG PULSAR KWARTSHORLOGE!

GEVONDEN!!!

Dan wil Tea Huitema het graag terug, tel. 9595.

BYLANS DE TREKFEART

bydragen oer minsken en dingen út Tsjerkwert en omkriten
troch Gerben Wijnja

III

**** JELLE BRANDSMA FUN IT EARSTE LJIPAAI FAN TSJERKWERT ****

Sûnt 1981 rikket de redaksje fan it Skieppesturtsje in wikselsbeker út foar it finen fan it earste ljipaai fan Tsjerkwert en omkriten. As dat fan Wûnseradiel al fûn is, dan is it foar ús betûfte aaisikers dochs noch in hiele eare om harren namme byskreaun te krijen.

Op syn betiidst is it earste aai sûnt dy tiid fûn op 15 maart. It wie Tjalke van der Meer fan Rytseterp dy't dat doe yn 1990 oanbea. Ferline jier wie Jan Blanksma de earste op 17 maart en foardat er de beker no ôfstie, hie er him noch eefkes mei sparch poetst. It wie trouwens dyselde Jan dy't yn 'e Sâne fan Richtsje en Jelte Speerstra om'e nocht socht nei it earste aai. De ljipkes gongen oerstjoer oer de wjuk, mar dat kaam om't Jelle Brandsma fan Tsjerkwert der krekt wat earder west hie. It wie doe moandeitemiddei, 16 maart om 16.20 oere.

Swiere loftten dreauwen yn maart driigjend oer de trekfeart. In boer stjoerde syn hûn der noch net út, mar de "ki.oe.wiet" rop hie al oer de greiden klonken en dat brocht de aaisikers op harren hoede. Mei de pet fier oer de earen kuerden se it gea oer op syk nei de hijkjes en sijkes en harren aaien.

Yn 'e herten fan 'e aaisikers begjint it al hielendal te brûzjen as it earste ljipaai ien kear fûn is. Dan is de hikke fan 'e daam en moat alles der suver foar wike.

Yn it brêgehúske fan Brandsma, deun oan'e trekfeart, waarden de minne loftten ek skôge, mar doe't de depresjes yn't wykein eefkes it paad frijmakken foar in rêchje fan hege druk, setten heit en soan Brandsma it lân yn, mar mear as in leech nêst levere dat net op. Dochts dreau dy ûnderfining Jelle moandeitemiddei daliks nei skoaltiid wer nei dat stikje lân by Ymswâlde.

Doe't de redaksje in dei letter op 17 maart eefkes op jûnsber-site kaam, die Jelle sels it wurd wylst heit en mem grutsk it ferhaal oanhearden:

"Ik hie earst in skoftke achter de hikke sitten te sjen. It like wol moai, dat ik woe der wol ris sykje. It sijke fleach moai fuort en begûn boppe my te roppen. Der moast wol wat lizze!"

Sjedêr, it each fan 'e kenner. En heit Brandsma koe der mei niget om laitsje: hy hie it syn soan goed bybrocht. Jelle wie noch mar 5 jier doe't er mei syn heit de lannen al ynsette, op syk nei aaien. Sa waard him de leafde foar de libbene natoer deskundich bybrocht. Dat resultearre al ris yn it finen fan it earste aai fan 'e skoalle. Hy siet



doe yn'e fiifde klasse. Spitich dat it doe stikken op it plein foel. Lotterjen wie doe net mear nedich. It wie lykwols sa ek wol dúdlik dat it in farsk aai wie. Ditkear soe it oars!

Syn aaisikerseach (sportyf, sûnder kiker!) brocht him al mei fiif minuten by it nêst mei it begearde aai.

"As it straks mar net stikken giet yn'e bûse", gong it troch him hinne. "En...soe it wier wêze dat it earste aai fan Wûnseradiel al fûn is?" Rinnende gong it by Huitema lâns en doe op'e fyts nei hûs.

Mem wie thús: "Ja, hy hold it aai foar it rût en doe ha'k daliks de redaksje belle."

It earste fan Wûnseradiel wie yndied al fûn op sneintejûn by Parregea. Mar Jelle wie foar ús doarp earst en dat moast offisjeel fierd wurde!

Us trouwe doarpsomropper hie Jelle al mei in bosk blommen lokwinske. Yn in aaidoaske pronke it kostber besit op 'e tafel. It omsittend laach waard der suver lyrisk fan. It wie sa'n moai aai, prachtich fan foarm, grutte en kleur. En it wie ek sa moai spikkele. Hiel oars as guon oare aaien. Om koart te kriemen: unyk! En sa moat dit barren ek sjoen wurde: bjusterbaarlik! Richtsje siet der op knibbels foar doe't it aai yn in tobke lottere waard.

"Hy sinkt", wie it mei in opluchting. Wat lei it dêr dochs moai op 'e boaiem. Sytske joech fuortynienen de beker. Neist de brûklike lokwinsk die se noch te witten it o' sa moai te finen dat der wer ris in oar op stiet. Dêr wie elkenien it folslein mei iens.

Jelle ûndergie alle belangstelling rêstich: yn beskieden stilte siet er der fan te genietsjen wylst er út en troch syn eagen ris gean liet oer it tillevyzjeskerm. Spannende en sterke ferhalen kamen der op it aljemint. Heit Brandsma genoat der miskien noch wol it meast fan: "Ik fyn it geweldig en ik hoop dat dit noch wat mear stimuleart", die er Jelle te witten. Dat hat gjin praat foar dovemansearen west, want Jelle woe de oare deis daliks wer it lân yn. "Der moat noch in aai lizze.

Ik wol no ek sjen dat ik it earste fan 'e skoalle yn Boalsert fyn."

Koaien yn't nêst lizze hâldt er net fan en de neisoarch liket him wol moai wurk ta. De boeren hjir witte no dus in adreske!

De tiisdeitemiddeis sette Fr. Schakel mei de belle troch de buorren, de trekfeart bylâns.

Hoort, hoort, zegt het voort!

De 15 jierrige Jelle Brandsma

**hat juster it earste ljipaai fan Tsjerkwert fûn! Hoort, hoort
zegt het voort!**

Spitich dat Jelle sels op skoalle siet. Mei syn gedachten sil er fêst wol by de lippen west ha!



BOARGERLIKE STÂN:

Dankbaar en gelukkig zijn wij
met de geboorte van...

Thomas

zoon van Stella van der Zee - Beetsma
Henk van der Zee
broertje van Mark
Laura
Ruben

Thomas



Tige bliid binne wy mei de berte fan ús famke en suske

Siemke

29 febrewaris 1992

Haye en Tea Huitema-de Haan
Bouwe
Sylroede 17
8765 LV Tsjerkwert

Dankbaar en blij zijn wij met de geboorte van onze dochter,

Helena Sara

Zusje van Pier Jan en Seakle Jelle.

Jelle en Thea
Zijsling-Allenburg

3 maart 1992

Baburen 2
8765 LS Tjerkwerd



* Tongerdei 16 april wie iet feest yn it Waltahûs,
want Haye en Hinke Kooyenga-Hoekstra wiene
45 jier troud!

* En moandei 27 april is it feest by fam. Twijnstra-
Terpstra, want dan binne Jelle en Hinke 25 jier
troud!



lokwinske allegearre.

* Yn Kanada is Anna Zwaagstra- Burghgraef stoarn.
Sy is 87 jier wurden.

A G I N D A !

9 maaie : Nasjonale Moledai.

9 maaie : Rekreaasjekommisje klaverjâsjûn
Waltahûs, 8 oere.

S P O R T R A A D W U N S E R A D I E L

27 maaie: SCHOOLSPORTDAG.

Deze sportdag vindt plaats op
woensdag 27 mei 1992 te Makkum en
Witmarsum met als uitwijkdatum
woensdag 3 juni d.a.v.

29 maaie: Tropyske jûn Waltahûs.

12 juni : STRATENLOOP

Om het kampioenschap van Wûnseradiel.

Datum: vrijdag 12 juni 1992.

Aanvang: 18.00 uur.

Aanmelding te gemeentehuize (A. Nauta
of op de avond van het evenement te

Witmarsum (sportterrein It Fliet).
Deelname van buiten de gemeente is
ook mogelijk.

LET OP! BELANGRIJK!

ATTENTIE

ATTENTIE

Zaterdag 9 mei organiseert de Recreatiecommissie
een klaverjasavond in het Waltahûs.

Er wordt gekaart om vleesprijzen en iedereen is
uiteraard van harte welkom!!

Aanvang: 20.00 uur


Inleg: f. 5,00

NOTEER IN UW AGENDA

Vrijdagavond 29 mei a.s. hopen we weer onze
(inmiddels traditionele) Tropische avond te organi-
seren.

Nadere informatie over dit evenement kunt u binnen-
kort verwachten door middel van posters, die o.a.
in en om "It Waltahûs" aangeplakt zullen worden.

vriendelijke groeten,
De Recreatiecommissie.



JEUGDRUBRYK.

Jacob Hofstra hie de puzzel fan de foarige kear
goed oplost. In pryske dus!

En omdat der mar ien ynstjoering wie hat de redaksje
besletten dizze rubryk tenei fuort te litten.

Spitich fine wy!

Komt bet zien

TOANIEL.

Op 28 maart spile ús eigen toanielploech as ûnderdiel fan de jubileumfiering fan de muzykferiening "Eensgezindheid" de kluchtige ienakter UTFANHUS BY DE FROU. It stikje fan de hân fan Hans Nesna en bewurke troch Tabe Beintema, is frijwat ferâldere.

It probleem fan de wenningneed sa't dat hjir oan de oarder komt, is fan de fyftiger jierren (ek de âlde stavering fan de tekst wiist yn dy rjochting). Fieder is de logika lyk as sa faak yn soksoarte toanielwurk frijwat behyplik.

In muoike dy't yn Parys tahâld, mar ynienen foar de doar stiet om't se in ôfspraak mei in houlikskandidaat hat yn it húske fan har muoikesizzer en in plysjeman dy't al yn de beneaming mient te kommen foar de frijkommende keamers om't Freark 'sa geseid' gjin fêstingingsfergunning hat. En wat te sizzen fan in tsjinstfamke dat opslach út harren keamer moat, om't dat better út komt. Hawar, sa skine soksoarte fan kluchtige stikken no ienkear yn elkoar sitte te moatten.

It jout wol oan hoefolle ferlet der is fan nij oarspronkelik Frysk toaniel!

De ynhâld yn it koart.

volle zaal

Leentsje, in muzykstudinte, is yn it geheim trouw mei Freark, in net sa súksesfolle musikus. Se moatte rûn komme fan de talage fan de eksentrike muoike, dy't gjin goed wurd oer hat foar manlju: túch! In plysjeman dy't ferkearing hat mei it wat ûnnoazel tsjinstfamke. De muoike dy't regearret op in houliksadfertinsje en nei wat misbegripen en brike sitewaasjes mei apels en parren, dochs by har Romeo telâne komt. En hoe kin it sa bryk, lit Romeo no deselde wêze as de muzykútjouwer dêr't Freark al sa faak fergees syn lieten nei tastjoerd hat. Romeo Kalman hat fansels noch nea sokke moaie muzyk heard, dat foar de jongelju tenei brea op de planke, in rejalere talage fan muoike

en foar alle huzen in pear lokkige bewenners!

De regisseur Rixt Speerstra hie in prachtige sêne betocht foar it begjin fan it stik. De doarpsplysje (Jelte Speerstra) beskynde mei in fikse bûslantearne it publyk en frege wa't der útfanhuze by syn frou en wrichtich, hy krige út twa hoeken werwurd. Ofpraat spul? Nee, in spontane reaksje, mar wol nuodlik fansels. As der net regearre wie?

Jelte tipearre treflik de net al te tûke doarpsplysje, dy't syn stân heech hâldt troch frijwat wetskennis te spuien en dêrby noch al te faak stoplappen brûkt.

It lichte stammerjen en it justjes mei de eagen knippen, joech even in diminsje mear oan de rol.

Freark (Jan Dijkstra) wie sa oerdreaun yn syn spyljen op it elektronysk oargel dat it in tige komysk effect joech. Fan in keunstner moat men no ienkear wat ferneare kinne. Dat moasten de tsjinspylders fan dizze keunstner ek. Om't Jan bytiden net al te rolfêst wie, wie it wolris wat dreech te antwurdzjen op syn frije ynterpretaasje fan de tekst. Want sûnder wurden sit sa'n betûfte spylder fansels nea.

It mei in fertsjinste hjitte fan de ynstekster Ineke Dijkstra dat der amper steurende stiltes of oare bonkjes te merken wiene.

Joke Schukken makke fan de troude Leentsje mei talage, in fleurich, net te swier tillend frommeske. Ien dy't de sitewaasje nimt sa't it falt. Soms hast in bytsje te lakonyk. Leentsje hie bêst wat mear fan it sintrum wêze mochten by it telegram fan muoike of by harren flauffallen mids de wat oan de grutte kant útfallen planten.

Ineke Feenstra hie fierwei de dreechste rol.

Men sil mar sa'n swymljende figuer spylje moatte, dy't sels fan kaviaar en hûnen hâlde wol, om't jins Romeo it ek docht. En dan ek noch twongen wurde om dyselde Romeo fuort ûntrou te wêzen om't Freark krekt wat earder op it toaniel ferskynt. Ineke hat har knap rêden mei dizze drakerige tekst.



Doe't Kolkman opkaam, klonk der in spontaan applaus en waard der lake. Letter yn 'e klaaikeamer frege Kolkman (Pyt Tolsma) wat ûngerêst wat er ferkeard dien hie by it opkommen. Wy koene him gerêst stelle. Neat! De seal ken sa njonkenlytsen ús spyldersfolkje en we hiene Pyt Tolsma noch mist, mar hy kaam dus dochs noch en wol mei in ûnbidigen bosk roazen foar syn Julia. (De blommen gongen nei ôfrin nei it âldste earelid fan de muzykferiening Roelof de Jong sr., dy't tige wiis wie mei dit aardich gebeart. (It binne de lytse dingen no!)) De blommen komme yn it stik lykwols net fuort te plak. Kolkman is te folle sakeman om net earst even de saken ôf te hanneljen en sa komt in flotte Pyt Tolsma Kolkman earst mei in kontrakt foar Freark op de lappen en letter mei in breid út de tún. De aardichste rol wie dizze jûn foar Betty de Haan. De regisseur lit it tsjinstfamke op komme mei in strikje yn it hier en wite sokjes oan, dêrby mei se noch steds prate en sjoch de hillige ûnnoazelens kriget stal. Betty joech dizze bûtenkant noch hannen en fuotten en dêr kaam in tsjinstfamke op it toaniel te stean dêr't eartiids dokter Vlimmen al fan sei: "Stommer worden ze niet meer gemaakt." In lyts dreamerijke: Wat soe dizze ploech sjen litte yn in echt "goede" klucht?

Anny de Jong.

IN TANKWURD

Siemke is al wer goed seis wieken'ald' en se docht it poerbêst!
 Dêrom no efkes in wurdje fan tank oan ús doarpsgenoaten.
 Wy binne tige yn 'e blommen set en der binne in bulte kaarten mei felisitaasjes mei de post kommen.
 En prachtige kleantsjes, fan broek oant T-shirt, fan jas oant himd.
 Wy binne tige betocht. Hjirfoar ús hertlike tank!

Haye - Tea - Bouwe - Siemke
 fan Sylroede 17

BERNEPRAAT

Ut 'e bernemûle komt faak mooi praat. It is de muoite wurdich en skriuw soks op. Hjirûnder in pear priuwkes.

- Marije kin play-back-gapje.

- Se kin ek in ferske oer in bus: "Happy busday to you" Jelmer wit dat it net oer in bus giet, mar oer in beurs!

-Marije frege oft der ek vaderflekjes besteane.



Heare jo thús ek sok praat, lit it ús ris witte.

WIJ ZIJN VERHUISD

TIGE TANK,

Sa'n trije wiken wenje we no yn'e Wâlden. We wenje noch tydlik yn Stynsgea, mar ein maaie sille wy ferhúzje nei Surhuzum.

It begjint allegear al wat te wennen.

We hoopje ús hjir dan ek gau thús te fielen.

Mar fansels tinke we noch gauris oan Tsjerkwert werom.

Benammen oan 21 febrewaris. It wie foar ús in moaie dei; in geweldich ôfskie.

Lâns dizze wei, wolle wy eltsenien nochris tige tank sizze foar de presintsjes, blommen, kaarten en alle oare foarmen fan belangstelling.

Wy ha it allegear tige wurdearre.

Nochris tige tank!!!

De groetnis fan Anne en Thea Dam.

MINSKEN
... is maar
goed!

SNYPSNAREN.

*Lytse Brandt fûn it earste ljipaaï fan 'e skoalle yn 'ekoelkast!


*Neisoarch: In plúmke foar Sjoerd en Eelke.

*Herke B. kaam mei syn auto dwers op 'e"baren" fan'e Waltawei en bedarre yn 'e haach.


*Fraach oan Jan D. fan'e keatsklub: "Hoefolle bern moatte jo ha om fergees keatse te kinnen?"

*De famylje Huisman sit fol fan fiskjen; der waard in moai fiskersboatsje oanskaft.
Alles oan it boatsje wie sublym, de foarm, de yndieling, de kleur, de grutte, de sitplakken en wat net mear! Hoe't Leen dan dochs oer board rekke?
No ja, de stabiliteit wie it iennichste minpuntsje....

*Yn ferbân mei in fiskútstapke nei Denemarken kocht dyselde Leen thermoûnderguod, thermowanten en thermosokken. Wat soe dat net koste ha!
Fangst: 4 seeforellen.
f., - : 4 = f., -- de forel!
Djoer iten!



*Sjors Volbeda hat in keyboard oanskaft.
Hy wol him talizze op housemuzyk.



*Brechtsje en Rinske's t.v. wie oan ein.
 Der waard yn Snits in nijenien kocht mèi teleteks.
 Teletekst moast yn 'e winkel demonstrearre wurde
 op Rinske 's fersyk troch side 348 ferskine te
 litten; de beroppelist foar dûmny's .
 Want sjoch, menhear, dêr bin'k gek op!




Bram Volbeda Fries judokampioen

:Frysk bloed tsjoch op.....

*De froulju fan Hylke en Ineke ûntdutsen tidens
 in museumtocht ta harren grutte ferbazing prachtige
 skilderstikken fan ús doarpsgenoat Gerrit Wyngaar-
 den yn galery Meddens oan 'e Heerengracht yn A'dam.
 Ek skynt syn wurk ekposearre te wurden yn Maastricht
 Giet hjir op: In keunstner yn eigen doarp wurdt
 net eard?

We ha oars ek in galery yn Tsjerkwert... In idee?

*Ut tankberheid foar it feit dat Jeh. en Sytske
 2 merjefoaltsjes fongen hiene, holden se
Peaske-hynstesjo op it stikje lân foar hús;
 8 prachtige hynders in lust foar it each!
 Rinske: "Wat ha wy prachtige peaskedagen hân, mei
 sa'n útsicht!"



*Freark helle de foarpagina!

Ada wie op 'e radio en

Jan B. op T.V.

De Vrijbutter



*Akke kin it net yn 'e stap hâlde, dêrom giet Joop
geregeld mei oare froulju op stap.
It giet hjir om sportive saken!

*Sjoerd Br. yn 'e tún ûnder in libbensgrutte ko!

Hjoed is it safier

ús heit wurdt 50 jier

en de komekerij

ús heit is der by

Helaas, hoe vlieden onze dagen!

Echter, niets maakt sneller oud dan de voortdurende
gedachte oud te zijn! In opstekker, Sjoerd?

*Tsjalke v.d. M. soe op eigen manneboet muskusrotten
fange. Mar hy waard sels de grutste rôd.

Neffens sizzen docht in rôd yn 'e fâlde frjemde
dingen. We hiene Tsjalke wolris sjen en/of hearre
wollen.

*Sytske Dykstra is mem, húsfrou, skoaljuffer, klub-
liedster, ynfalster, redaksjelid, kollektante,
pottbakster, kankloster en dêr kinne we sûnt
koart merkkeap "man" oan ta foegje.

* **Durk v. d. Veen**
eerst vanuit Zutphen

No ja.....Durk syn
do fansels!

*Jelle en doe noch swangere Tea Zijlsling fongen
twilling-kealtsjes, lyts en nuodlik.

Jelle skille hobbyboer Uilke Wiersma: Wolsto ús
twilling ha?

Uilke stie mei de mûle fol toskan.....

Hie Tea in twilling krigen en woene se dy samar
fuortjaan? Wat in ûntaarde âlders! Sokssawat moat him
troch de holle spile ha!

*Trudy Witteveen sil soantsje Sjors it hier knippe.
Hòe sille we it knippe?
Sjors: Krekt as Hannes Dyksta.

*De bern fan Jehannes en Jehanne ha in slinger oer
de feart.
O wee, wa't wiet wurdt giet sûnder iten èn mei
bleate fuotten op bêd! Jehannes kaam der lykwols
sels net droech foar wei.... Soe hy èk sûnder iten
en mei bleate fuotten op bêd bedarre wêze?

*Dat sil't wol net, want Jehanne hie koartlyn
noch nei "The Chippendales" mochten fan Jehannes.
Neffens de bern mocht dit, omdat heit der wis fan
wie dat mem nei ôfrin wol wer thús komme soe....

*Snypsnaren foar 1 july melde op nûmer 2635 (Rixt).



